

BESLÚT

Underwerp : **Inisjatyfútstel ôfbou subsidyzjes Maatskiplike Organisaasjes**

Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it inisjatyfútstel fan de fraksjes SP, FNP, CDA en VVD d.d. 24 febrewaris 2014

Oerwagende dat : De fraksjes van de SP, FNP, CDA en VVD in útstel dien hawwe foar de ôfbou fan subsidyzjes oan Maatskiplike Organisaasjes

Beslute :

1. De provinsje nûget de Maatskiplike Organisaasjes op koarte termyn út om foar 1 oktober 2016 in plan yn te tsjinjen. Op grûn dêrfan kin de provinsje oergean ta it útbeteljen fan 150% fan it jierliks budzjetsubsydzje yn jannewaris 2017.
2. De provinsje betellet 150% fan it budzjetsubsydzje fan 2016 út oan dy Organisaasjes dy't nei it oardiel fan DS foldien hawwe oan it stelde betingst. DS diele dêrby mei dat it hjir giet om de lêste útbetelling fan in budzjetsubsydzje fanwegen de provinsje.
3. De bydragen oan organisaasjes dy't net oan it betingst foldwaan, geane werom nei de algemiene reserve.

Sa fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan 23 maart 2016,



, foarsitter



, griffier